

De bisteboel fan Omke Roel

Hindrik van der Meer – *lieten* | Thys Wadman – *ferhalen* | Natascha Stenvert – *yllustraasjes* | Kees van der Meer – *arranzjeminten* | Afûk, 2011 | hurd kaft, 50 siden (net nûmere) | ISBN 978 90 6273 880 9 | CD mei lietsjes yn it boek | Leeftyd: 3+



YNHÂLD

Oer it boek 1

Gearfetting fan it ferhaal (per haadstik) 2

Foarlêze 3

Oan de slach mei it boek 3

PRATE – rûntepetear

PRATE – drege wurden

PRATE – praatplaat

BOEKEN SYKJE – itselde bist

RESEPT – griene limonade

TEKENJE – bist betinke

NIFELJE – bisteflachjes

FINE MOTORYK – huppeldûnske

FINE MOTORYK – kraleplanke

MUZYK – in ferske dat noch net bestiet

MUZYK – ried de bistelûden

DRAMA – de hin is lilke

MUZYK – it biste-orkest

BEWEGE – trije dûnskes

Wurkblêd 1 Mûzedûns 9

Wurkblêd 2 Kraleplanke 10

Wurkblêd 3 De bisten fan it Biste-orkest 11

Oer Hindrik van der Meer, Thys Wadman,

Kees van der Meer en Natascha Stenvert 12

OER IT BOEK

Yn de jierren '70 fan de foarige iuw groeiden bern op mei de Fryske berneferskes fan Hindrik van der Meer, dy't stiene yn it boek *Retteketet tsjyng boem*. Op inisjatyf fan útjouwerij Afûk binne in tal bisterferskes út dit boek yn 2011 wer útbrocht op CD, en is dêr it boek *De bisteboel fan Omke Roel* by skreaun. De ferskes binne op 'e nij arranzjearre en oanfolle mei nij komponearre materiaal troch de soan fan de skriuwer, Kees van der Meer.

It boek bestiet út 23 koarte haadstikken, dy't hieltyd krekt op twa siden passe, mei útsûndering fan it lêste haadstik. Om dy reden is keazen foar in frij lyts lettertype, wat net hiel maklik (foar)lêst.

Skriuwer Thys Wadman hat in trochgeand ferhaal om de besteande ferskes hinne betocht, oer Gauke en syn suske Marthe dy't yn 'e kunde komme mei omke Roel, in freonlike man yn in ferfallen pleatske fol bisten. Yllustrator Natascha Stenvert hat by elk haadstik yllustraasjes makke dêr't in soad op te sjen falt. Har kompjûtertechnyk jout suver de yndruk dat wy nei papier-kollaazjes sjogge. De flakken ûnder tekst en lietsjes binne faak ek noch sêft mar moai detaillearre yllustrearre. De omslach fan it boek is hast in gearfetting fan it hiele ferhaal. De haadpersoanen, lokaasjes en in soad bisten binne dêrop te finen.

De titel en it tema fan it boek binne ûntliend oan it gedicht *De bisteboel fan omke Roel* fan berneboekeskriuwster Diet Huber (1924 – 2008), dat ôfprinte stiet yn haadstik 13. Ek fan Marga Claus (haadstik 3) en Jant Visser- Bakker (haadstikken 4, 8, 11 en 18) binne gedichten op muzyk set en opnommen. De ferskes binne, behalve op CD, ek te beharkjen op Sound Cloud: <https://bit.ly/3ac8w74> en Spotify: <https://spoti.fi/2K5sfuG>

De Bisteboel fan Omke Roel is ferskynd as it Aksjeboek foar bern 2011, nûmer 25.

GEARFETTING FAN IT FERHAAL (PER HAADSTIK)

1. Gauke nimt syn suske Marthe mei nei in 'spûkepleats', krekt bûten it doarp. Yn 'e fierte sjogge se fleurige knyntsjes, dy't in **Kninedûns** dogge.
2. Se slûpe om it hûs hinne, en kypje troch de stikkene ruten. Yn in keamer sitte allegear bisten: hinnen, in hûn en sels in Shetland-pony. Yn it gers sitte mollebulten (**Tillefoan foar Moltsje Mol**). Efter har hearre se in stim.
3. In man stiet achter har. Syn hûntsje hjit **Bijke**. De man nûget harren yn syn hûs út, en seit dat se him wol omke Roel neame meie.
4. De bern krije griene limonade fan omke Roel, en hy stelt syn bisten oan harren foar, bygelyks it eigenwize **Hintsje Kokkelintsje**, dat altyd op de skoarstienmantel sit.
5. Op 'e tafel sit Kwek de ein te brieden yn in kuorke (**Kweklietsje**). Bijke sliept wer fierder yn de kast, en omke Roel pakt ien fan syn akkordeons, om op te spyljen.
6. Hy fertelt dat er oait in frou hie, Tsjitske, dy't fanwege de rommel fuortrûn is, en in baarch, Hampy (**Efter de pleats**), krigen hat fan syn broer Geart dy't op in pleats flakby wennet. Fan dy tiid ôf kamen der hieltyd mear bisten by by omke Roel, lykas Wubbo.
7. Watfoar bist soe Wubbo wêze? Achter omke Roel oan rinne Gauke en Marthe nei it bûthûs, dat fol spinnewebben sit (**Miggefangersliet**).
8. Wubbo blykt **De wiggel-waggel-wibel-bear** te wêzen, dy't omke Roel fan in sirkus kocht hat. It is al healwei seizen. Gauke en Marthe moatte gau nei hûs.
9. Under it iten fertelle se net wêr't se west ha. Muoike Hinke bellet dat se in pear dagen útfanhûs komt, en fansels nimt se har **Tys Tekkel** mei.
10. It is prachtich waar dy sneons. De húshâlding sit op it terras achter hûs. Muoike Hinke hat gebakjes meinommen. Ynienen begjint se te razen. Se is stutsen troch in **Ealjebij** (= wesp). Der is in taartsje oer.
11. Dy middeis biedt Marthe oan om tekkel Tys út te litten. Se wol omke Roel it oerbleaune taartsje bringe. Muoike Hinke wol mei. Op it dak fan omke syn pleatske sit in protter (**De protter op ús dak**). Omke Roel leit yn it gers om't er fan de ljedder fallen is. Muoike Hinke draacht him it hûs yn.
12. Om't se wyksuster is, sjocht muoike Hinke fuortdaalk dat omke Roel syn ankel ferkloft hat. Wa moat no op de bisten passe? Want as de kat fan hûs is.... (**Mûzedûns**). Marthe seit dat sy en Gauke de bisten wol fersoargje wolle. En fan mem kin omke Roel grif wol iten krije.
13. No't dat oplost is, spilet omke op syn akkordeon. Muoike Hinke sjongt. Dy twa fine inoar wol hiel aardich. Mei-inoar betinke se in ferske, oer **De bisteboel fan omke Roel**.
14. Muoike dûnset sa bot, dat se Tys tekkel hielendal fergetten is. Dy hat bûten in stikelbaarch fûn. (**Stek de stikelbaarch**). Mei Tys giet muoike werom nei it hûs, mar ynienen begjint se te razen.
15. Marthe moat daalk help helje, ropt se. Marthe wit net wêrfoar, mar muoike liket yn panyk. Buorman Geart is net thús, mar Marthe lient wol syn fyts. Tuskentroch sjocht se **Sweltjes**. Se rydt op de grutte fyts Bauke yn 'e mjitte. Dy giet mei har mei nei it hûs fan omke Roel.
16. Yn 'e hûs begripe se wat der te rêden is. Muoike is slim skrokken fan Wubbo de bear. Bauke lokket it bist fuort mei in amer iten. Om by te kommen, drinke se griene limonade. Marthe hat in **Ingeltsje pingeltsje** op har hân. Omke Roel fertelt dat er ek fan lytse bistkes hâldt.
17. Hy lit syn samling opsette flinters sjen, dy't noch fan syn heit west hat. (**Flinterke fleugelstip**). It is tiid om nei hûs. Omke Roel fynt it och sa spitich dat de bern en benammen ek muoike Hinke wer fuortgeane. De bern bringe earst de liende fyts wer nei buorman Geart.
18. Dy is poerlik en skelt har út foar fytsedieven. As de bern útlizze dat syn broer Roel fan in ljedder fallen is, bekomt er wat. Hy leit út dat er siet te fisken (**Fiskje yn it wetter**) doe't Marthe him socht.

19. Gelokkich binne heit en mem net lilk dat de bern sa let thúshinne. Gauke en Marthe fertelle oer omke Roel syn ûngelok. Mem wol bêst foar omke Roel ek iten siede. Muoike Hinke seit dat se syn bisten yn 'e hûshinn gesellich fûn. Se hat sels ommers ek in tekkel, en har kanary Pyt (**Us kanary**). Foar't se de oare deis wer fuort moat, wol se noch efkes by Roel del.

20. Marthe bringt omke Roel reade koal. Se fynt him by de sleat, dêr't er harket nei it kikkertskoar. (**Kees Kikkert**). Omke is suver wat oerstjoer dat muoike Hinke wer nei hûshinn is.

21. Broer Geart en syn eigenwize frou Akke (**Lietsje foar in pronkpau**) komme del. Se ha fan omke Roel heard dat er 'in love' is op muoike Hinke, en wolle har moetsje.

22. It is de troudei fan muoike Hinke en omke Roel! Boppe ferklaaie mem en muoike Hinke har sa stadich as in **Slak**. Earst geane se allegear nei it stedhûshinn, dêrnei is der in feest op de pleats.

23. De pleats is prachtich fersierd. Alle bisten meie yn 'e tûn rinne. Omke Roel spilet op syn akkordeon, en syn broer Geart op syn trombône. Marthe hat in ferske makke, it **Bistemuzykkorps**. Elkenien sjongt mei. It wurdt in prachtich feest, oant djip yn 'e nacht.

FOARLÊZE

De bisteboel fan omke Roel is in muzikaal printeboek, benammen gaadlik om foar te lêzen oan groepen 1 oant en mei 4. Troch it lytse lettertype en de brede blêdspegel nûget it boek de jongere doelgroep net hiel bot út om it sels te lêzen.

Troch de heldere yndieling yn 23 haadstikken mei 23 ferskes, kin der it bêste ien haadstik per kear behannele wurde. It ferhaal kin foarlêzen wurden en bepraat, en it bypassende ferske beharke, leard en oefene.



OAN DE SLACH MEI IT BOEK

It boek kin ekstra ta libben komme troch allerhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte:  = groep,  = trijetallen,  = twatallen,  = yndividueel,  = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

PRATE – rûntepetear



Bepaat mei de bern in oantal ferskillende passazjes út it boek, bygelyks:

Spûkepleats

'Mar dit is fansels wol in spoekepleats.' (haadstik 1)

(N.B. de foarkarstaving fan spûk is tsjintwurdich mei in û)

- Wat is in spûkepleats?
- Hoe soe in spûkepleats derút sjen kinne?
- Wat is in spûk?
- Besteane spûken echt?
- Kinst noch mear wêzens betinke, dy't net werklik besteane? (Tink bygelyks oan mearkes of Harry Potter).



Dryst

‘Marthe seit neat. “Ik wit net oft ik wol doar,” seit se dan.’ (haadstik 1)

‘Se woe dat se net meigien wie. (...) Mar no allinnich werom gean? Nee, dat doart se ek net!’ (haadstik 1)

‘En dan begjint Marthe samar te gûlen. Sa is se skrokken. Se ferskûlet har gau achter har broer.’ (haadstik 3)

Yn dit boek is Gauke hiel wat dryster as syn suske Marthe. Is dat tafal?

Wat fine de bern?

- Doare jonges mear as famkes? Wêrom? Wêrom net?
- Binne der dingen dy’t jonges better kinne as famkes?
- Binne der dingen dy’t famkes better kinne as jonges?
- Is it altyd ferstannich om dryst te wêzen? Wêrom? Wêrom net?
- Gûle famkes earder as jonges? Wêrom? Wêrom net?
- Ite jonges earder dingen dy’t se net kenne? Wêrom wol of net?
- Wurde jonges oars behannele as famkes troch grutte minsken?
- Kinne de bern dêr foarbylden fan neame?

Frjemde man

‘Sille se dat dwaan? Limonade drinke by in frjemde man?’ (haadstik 3)

‘En ús mem wit net wêr’t wy binne. Dat hawwe wy net sein!’ (haadstik 8)

Gauke en Marthe geane samar by in man dy’t se net kenne yn ’e hûs, sûnder dat heit of mem witte wêr’t se binne. No is dat yn in printeboek wol fertroud, mar yn werklikheid is net elkenien like aardich. Wat fine de bern? Miskien goed om wer ris te werheljen, sûnder dat de bern ûnnedich bang wurde.

- Wat fynst derfan dat Gauke en Marthe mei in man of frou dy’t se net kenne, meigeane?
- Wat fynsto derfan dat de bern samar by in frjemde yn ’e hûs geane?
- Wat tinkst, soene Gauke en Marthe in suertsje of drinken fan in frjemde man/frou oannimme moatte? Wannear kin dat wol? Wannear net?
- Meie jim de foardoar iependwaan, as der ien oanbellet?
- Hokker ôfspraken ha jim mei juf/master en heit/mem oer wat jim dogge as in man/frou dy’t jim net kenne, tsjin jim praat?

(Net) leuke bisten

‘Se fynt rotten en mûzen eins net leuk, mar se seit neat.’ (haadstik 13)

- Hokker bisten fynsto aardich? Wêrom?
- Wat is dyn favorite bist? Hoe komt dat?
- Hokker bisten fynsto net aardich? Wêrom net?
- Bisto bang foar guon bisten? Wêrom?
- Bisto bang foar bisten dy’t net gefaarlik binne? Hoe komt dat?
- Wêrom is it sa aardich om in húsdier te hawwen?
- Asto elts bist as húsdier kieze koest (lykas yn in fantasyboek of film), wat soest dan útsykje?
- Wêr moat dyn bist dan sliepe? En wa moat him fuorje?



Huzen fan bisten

'Fiskje, fiskje yn it wetter, hasto net in hûs?' (haadstik 18)

Gean ris in rûntepetear mei de bern oan oer huzen.

- Hat in fisk yn it wetter werklik net in hûs? Wêr en hoe sliept er dan?
- Wat of wêr is it hûs fan in hazze? En fan in mol? Fan in bear? Fan in hûntsje?
- Wêr en hoe sliept in hin? En in mich? En in fûgeltsje?
- Wêr sliept it bern sels? Hoe sjocht syn of har bêd derút?

Der binne moaie tekenopdrachten oan dit tema te keppeljen, lykas:

- Tekenje en kleurje dyn favorite bist yn syn 'hûs'.
- Untwerp en tekenje dyn eigen favorite sliepplak. In bêd yn in beamhut? In prinsessebêd mei in gouden baldakyn? In bêd yn de foarm fan in race-auto of raket? Alles mei.

PRATE – drege wurden



'k Jou him lekk're knineblêden, dat er 't alderhurdste fljocht.' (haadstik 1)

Yn de ferskes steane soms drege wurden, wêrfan't it aardich is oan de bern út te lizzen wat se betsjutte, bygelyks:

Knineblêden (yn: Kninedûns) = blêd fan in hynstebloem (=paardenbloem), wurdt ek wol knikelsblêd of tiksel neamd.

Wizânsje (yn: Sweltsjes) = gewoante, wat ien wend is om te dwaan.

Bombary (yn: Us kanary) = drokte, leven dat net noadich is.

Bûthús (yn: haadstik 16) = stâl dêr't de kij yn 'e rigele steane.

Fandinne (yn: Ingeltsje pingeltsje) = wei

Allerhande Fryske digitale wurdboeken en oare taalstipe is fergees te finen fia de website <https://taalweb.frl/>



PRATE – praatplaat



De omslachplaat fan it boek, makke troch Natascha Stenvert, is [hji](#) as PDF (hege resoluasje) te downloaden. Lit de plaat op it digiboerd sjen, en freegje de bern safolle mooglik bisten oan te wizen en te beneamen. Sjogge se omke Roel, muoike Hinke, Gauke en Marthe ek? En wat sjogge se allegear noch mear?

BOEKEN SYKJE – *itselde bist*



Yn *De bisteboel fan Omke Roel* komme in soad ferskillende bisten foar. Sykje ien soart út, en bepraat mei de bern hokker boeken en ferskes se noch mear kenne oer/mei dat bist. Sykje yn de iepenbiere biblioteek of yn de skoalbiblioteek alle boeken oer dat bist byinoar en meitsje in útstalling yn it lokaal. (bygelyks oer in knyn: *Nijntje*, *Piter Knyn*, printeboek *Skattich*, *Klein Konijn*, *Rikki*). Fansels kin der ek in tafel ynrjochte wurde mei alles wat mei dat bist te meitsjen hat.

RESEPT – *griene limonade*



‘Griene limonade? Dat hat se noch noait hân. Miskien mei se it wol net!’ (haadstik 4)
Gauke en Marthe krije yn it boek fan omke Roel griene limonade, makke fan krúsbeien. Ha de bern sels wolris griene limo hân? Nee? It is maklik te meitsjen. Dit is it resept: Helje de topkes fan 150 gram krúsbeien. Doch de krúsbeien mei in heale liter wetter en wat sûker of swietstof (nei smaak) yn in blender en lit dy likernôch trije minuten draaie. Jit de limonade oer yn in glêzen flesse. Bewarje yn de kuolkast.

Kinne de bern, wylst se de limonade drinke, noch mear dingen betinke dy’t grien binne? (foarbylden: gers, blêden, fuotbalfjild, stopljocht, snert, dopearten, sprútsjes, brokkoly, kiwy, avokado, einekroas, krokodil, kikkert).



TEKENJE – *bist betinke*



Tarieding: printsje plaatsjes fan ferskillende bisten út, mar plak mar in stikje dêrfan (in werkenber diel) op in A4 of fel tekenpapier.

Jou oan alle bern sa’n A4, en freegje har om it bist mei potlead fierder te tekenjen. Dêrnei meie se it kleurje, en ek in eftergrûn betinke. It is fansels altyd goed, ek as der in prachtich, kleurich fantasybist ûntstiet.

NIFELJE – *bisteflachjes*



‘As se dêr oankomme, sjocht it der al hiel feestlik út. Yn de beammen wapperje de kleurde flachjes’. (haadstik 23)



Meitsje mei de hiele groep in slinger fan kleurde flachjes. Op elts flachje wurdt de Fryske namme fan in bist stimpele (of troch de learkrêft yn oerlis mei it bern grut opskreaun). De flachjes wurde oan it toutsje fêstmakke. Sa komme der in hiel soad moaie, Fryske bistenammen yn de klasse te hingjen. Ek dy út *De bisteboel fan omke Roel*, fansels. Witte de bern eins wol wat in ealbij, in protter, in goes, in murd, in podde, in flie of in sweltsje is?

FINE MOTORYK – *mûzedûns*



Op **wurkblêd 1** is in tekening te finen fan trije mûskes. Kinne de bern mei in potlead harren huppeldûnske oerlûke?

FINE MOTORYK – *kraleplanke*



Fan twa bisten út it boek, de flinter en de baarch, binne op **wurkblêd 2** kraleplanke-foarbylden te finen.

It is hielendal net slim as de bern ôfwike wolle fan it foarbyld. Se meie bêst de kleuren en foarmen oanpasse. Yn keunst is der gjin goed of ferkeard, allinnich ûntdekke en genietsje. Kinne de bern ek in hiel eigen bist meitsje op de kraleplanke? In bestand bist? Of miskien wol in fantasybist? As it in fantasybist is, kinne se dêr dan in namme foar betinke?

MUZYK – *in ferske dat noch net bestiet*



‘En no moatte wy sels ek mar ris even in ferske betinke! In ferske dat noch net bestiet!’ (haadstik 13)

Fertel oan de bern dat it dochs wol hiel moai wêze soe, om mei de groep in ferske te betinken dat noch net bestiet. It ferske hoecht mar fjouwer rigels te hawwen, wêrby’t allinnich de twadde op de fjirde rigel rimet. Earst moat der in tekst komme.

Stappeplan:

- Praat mei-inoar in bist ôf.
- Betink in namme, dy’t alliterearret foar dat bist, lykas Kees Kikkert, Stek de stikelbaarch of Tys Tekkel.
- Betink dan twatallen rymjende wurden. (bygelyks deis - ûnderweis, rinne – sinne, iepen – sliepen, twa – ha).
- Betink in minyferhaaltsje om dy rymjende wurden hinne. Troch mei de bern te praten wêr’t jim bist hinnegiet, wat er wol of wat er oan it dwaan is, sjit jim grif in lyts rymke yn it sin.
- Is de tekst klear? Meitsje der in ienfâldich meldijke op. As de learkrêft begeliedt op in muzykynstrumint, wurdt it fansels hielendal skitterjend!

Foarbylden:

*Iede Ilsbear helle spekjes
yn in winkeltsje yn Baard.
Mar hy iet safolle op,
dat syn feltsje rôzich waard.*

of

*Ik ferfeel my suf, sei hûntsje Haffel.
Ik sit al oeren foar it rût.
Syn baaske die de doar doe iepen
en hûntsje Haffel naaide út!*



MUZYK – ried de bistelûden



De bern sitte yn in rûnte. De learkrêft lit in haadstik út it boek oan ien bern sjen. Allinnich oan dat iene bern. Dat bern mei it lûd meitsje, dat it bist fan dat plaatsje makket. Dus it bern blaft (haadstik 3 en 9), keakelet (4), kwêket (5 en 20), gnoarret (6), bromt (8), gûnzet (10), fluitet (11, 15, 19) pipet (12), blubt (18) of raast (21).

De oare bern meie riede om hokker bist it giet. Beneam hoe't de lûden hjitte.

Der binne ek tal fan bisten dy't hielendal gjin lûd meitsje. Kinne de bern betinke hokker? (knyn, mol, spin, ingeltsje, flinter, slak). Wol wat spitich foar dy bisten. Kinne de bern miskien in moai lûd betinke, dat goed past by dy bisten sûnder stim? Hoe soe in flinter klinken kinne? En hokker lûd soe in spin of in slak meitsje, as de bern it foar it sizzen hiene?

DRAMA – de hin is lilke



De bern sitte yn in rûnte. Ien bern mei in bist kieze út *De bisteboel fan Omke Roel*. De learkrêft wiist in twadde bern oan, dat in emoasje betinke mei lykas bliid, lilke, ferlegen, fertrietlik, hastich, ferrast, bang, ferlyfd, ferslein, wurch, entûsjast of noch wat oars. It earste bern lit hearre hoe't neffens him in lilke hin, in ferlyfde stikelbaarch, in bange bear of in wurge fisk klinkt. De rest fan de groep docht it nei.

As de groep de slach te pakken hat, kinne der ek noch bewegings oan tafoege wurde. Hoe klinkt en rint in lilke hin? Hoe klinkt en swimt in wurge fisk?

MUZYK – it biste-orkest



Tarieding: op **wurkblêd 3** steane 12 bisten út it boek. Kopiearje it blêd sa faak dat elk bern yn de groep in kaartsje krije kin. Ferskate bearen en kikkerts yn in groep is hielendal gjin probleem.

Freegje de bern de kaartsjes op karton te plakken en út te knippen.

Elk bern mei út in doaze/bak (mei de eagen ticht) in kaartsje lûke. Binne se in mûs? In hûn? In ealjebij miskien?

Freegje de bern it lûd dat se meitsje as dat bist, te repetearjen. Hoe klinken se as bear, as mûs of as it oare bist dat op harren kaartsje stiet?

Dan is it no tiid foar it biste-orkest. Nim in ferske dat de bern hiel goed kenne, mar lit harren de wurden ferge troch it bistelûd.

Freegje de bern as in sjongkoar stean te gean, yn in pear rigels efterinoar.

De learkrêft wiist mei de oanwiisstôk oan, hokker bern syn dierelûd hearre lit. It freget wat oefening, mar al gau sille de bern ynstee fan 'Hin-tsje Kok-ke-lin-tsje kocht in nij-e hoed' sjonge fan 'Tok-tok Woef-woef-woef-woef piep brom kwak kwak blub.'

BEWEGE – trije dûnskes



By trije ferskes út *De bisteboel fan Omke Roel* hat dûnsdosint Niels van der Wal fan Kunstencentrum Atrium choreografyen makke yn opdracht fan Finster op Fryslân. Yn de folgjende filmkes wurde de dûnsen stap foar stap útlein, sadat de hiele groep op skoalle meidûnsje kin. Allegear nei it boarterslokaal en fuotsjes fan de flier!

Noch ientsje dan... Dûnsje op Bijke

<https://www.youtube.com/watch?v=ptFdCfMwc1s>

Noch ientsje dan... Dûnsje op De Slak


<https://www.youtube.com/watch?v=coderEqLMP0>

Noch ientsje dan... Dûnsje op Kees Kikkert

<https://www.youtube.com/watch?v=ybAzPJWq7mA>



WURKLÊD 1 – DE BISTEBOEL FAN OMKE ROEL

MÛZEDÛNS








WURKBLÊD 2 – DE BISTEBOEL FAN OMKE ROEL

KRALEPLANKE




WURKBLÊD 3 – DE BISTEBOEL FAN OMKE ROEL

DE BISTEN FAN IT BISTE-ORKEST



HINDRIK VAN DER MEER, THYS WADMAN, KEES VAN DER MEER EN NATASCHA STENVERT



Hindrik van der Meer



Thys Wadman



Kees van der Meer



Natascha Stenvert

HINDRIK VAN DER MEER (*Bantegea, 1938) folge de ûnderwizersopleiding oan de kristlike kweekskoalle yn Snits. As begjinnend ûnderwizer wurke er earst, tegearre mei syn frou Beitske, in pear jier yn Yndonezië. Werom yn Fryslân waard er learaar Frânsk, en folge er in stúdzje Skoalmuzyk oan de Muzyk Pedagogische Academie en it Grinzer konservatoarium. Op de kweekskoalle yn Snits wie er learaar muzyk oant 1990. Alle jierren sette er mei syn studinten nije Frysktalige kulturele projekten op tou, lykas *De bisteboel fan omke Roel* (1978) en de musical *Joazef Masterdreamer* (1987). Fan de jierren '70 ôf begûn Van der Meer berneferskes te skriuwen. Troch syn eigen bern waarden dy ynsongen. Der binne trije platen (letter cd's) mei byhearrende boeken útbrocht: *Kwek kwek minemyn* (1976), *Hup sûpengroattenbrij* (1980) en *Retteket Tsjyng Boem* (1992). Troch it organisearjen fan muzikale krystfierings, literêre busreizen en bydragen oan de berne- iepenloftspullen fan Jorwert en Easterwierrum hat Van der Meer, faak tegearre mei syn frou, muzyk en muzykwille rûnom by de minsken brocht. Yn 2009 waard Hindrik van der Meer huldige mei de Friese Anjer fan it Prins Bernhard Cultuurfonds.

THYS WADMAN (* Snits, 1956) is de soan fan twa Fryske skriuwers: Anne Wadman en Hylkje Goïnga. Hy folge de Pedagogyske Akademy yn Snits en wurket sûnt 1979 yn it basisûnderwiis. Fan 1986 ôf wie er haad fan de iepenbiere basisskoalle yn Koudum, no yn Nijhoarne. Foardat er mei skriuwen begûn wie er aktyf as muzikant. Wadman wurke mei oan de ûntwikkeling fan de taalmetoade Studio F foar it basisûnderwiis en sa

kaam er ta it skriuwen fan ferhalen en gedichten foar âldere bern, dy't publisearre waarden yn de blêden Switsj en Linkk. Dêrnei skreau er in tal berneboeken, lykas de ferhalebondel *De oerwinnings fan Tido Houtsma*, dy't yn 2013 de Simke Kloostermanpriis wûn. By de metoade Studio F skreau er *De fûgelklup* en *De hûneklup*.

Yn 2016 waard syn jeugdboek *In nije heit* (2014) op de IBBY Honourlist pleatst.

KEES VAN DER MEER (*1981), de soan fan Hindrik van der Meer, is komponist, muzikaal lieder, produsint en dosint oan it konservatoarium. Hy studearre Docent Muziek en Compositie, Muziek en Studioproductie oan it Prins Claus Conservatorium yn Grins, dêrnei folge er syn Master of Music oan de Hogeschool van de Kunsten yn Utert. Tsjintwurdich komponearret en produsearret er alderhande teaterproduksjes en muzykprojekten.

Sjoch foar mear ynformaasje: www.keesvandermeer.nl

Yllustrator **NATASCHA STENVERT** (* Assen, 1971) studearre oan de academie voor beeldende kunsten en vormgeving Minerva yn Grins. Nei it winnen fan in yllustraasjewedstryd yn 1995, wêrtroch't har earste printeboek útjûn waard, gong it hurd mei har karriêre. Nêst har eigen printeboeken lykas *Bramenjam* en *De nep-beesten van Basje Bereklaauw*, makket se ek yllustraasjes foar bygelyks de Kolletje- en André het astronautjeboeken. Stenvert hat ek ferskate Fryske boeken yllustrearre, wêrûnder dy fan de Studio F-rige. Sjoch foar mear ynformaasje: www.nataschastenvert.com